



**100**  
**DamJAAR**2014  
**sma**



# Jaarsma Wandeling Eastermar

(met de verhalen in het Woudfries)

Samengesteld door  
Marianne van Zijlen en  
Theo Meder

[www.verhalenbank.nl](http://www.verhalenbank.nl)

# I

## Beginpunt: E.M. Beimastrjitte 18, Jaarsmahûs



E.M. Beimastrjitte 18, Jaarsmahûs

Het ouderlijk huis van Dam (Adam Aukes) Jaarsma (1914-1991), waar hij tot zijn dood woonde, is rond 1880 als renteniershuis gebouwd. De schuur, waar eerder het boerenbedrijf en de fouragehandel waren, werd later de opslag voor alles wat Dam Jaarsma verzamelde: Ansichtkaarten, boeken, textiel, en nog veel meer.

Tot 1950 was het adres Oostermeer 26, daarna werd de straat vernoemd naar Elte Martens Beima, de sterrenkundige.

### CJ001209

Der wienen in boer en in frou. De frou wie baes. De boer sei: Ik woe wol ris wite of der gesinnen binne, dêr't de man baes is. Dêr ha 'k trije hynders foar oer. Doe stjûrde hy syn feint der op út mei trije moaije hynders: in blauwen, in brunen en in swarten en mei in kuorfol apels. Dêr moest de feint mei by de huzen lâns. En rounom moest er freegje hwa't dêr yn 'e hûs baes wie, de man of de frou. Wie de man baes, dan mochten se in hynder ha, mar as de frou baes wie, dan krigen se twa apels.

Mar hwer't er kom, oeral wie de frou baes. Doe kom er op it lêst op in plak, dêr sei de man: Ik bin baes. Dan krije jo in hynder, sei de feint. Jo meije útkieze út 'e trije. Dan kies ik de blauwe út, sei de man. Mar doe kom it wiif der by en dy sei: Gjin sprake fan hear, gjin blau hynder. Dat is samar smoarch. It swarte wol 'k ha.

Ik hear it wol, hwa't hjir baes is, sei de feint en hy joech harren twa apels.

Hy hat noch by forskeidene huzen lâns west, mar hy kom mei de trije hynders werom by de boer.

(Geeske Kobus - van der Zee, Nijega, woensdag 26 januari 1966)

Dit verhaal staat internationaal bekend als ATU 1375 - Who Can Rule his Wife?

Het verhaal waarin gezocht wordt naar een man die de baas is komt al in de Middeleeuwen voor, en duikt over de hele wereld op.

Geeske Kobus-van der Zee (1885-1972) was één van de vertellers met een groot repertoire aan volksverhalen. Nadat hij in 1965 voor het Meertens Instituut ging verzamelen ging Dam Jaarsma als eerste haar volksverhalen optekenen. Jaarsma heeft haar 26 keer bezocht, en elke keer herinnerde ze zich weer nieuwe volksverhalen. Han Voskuil, het hoofd van de toenmalige afdeling Volkskunde was onder de indruk van haar repertoire. In 1968 bezocht hij met Jaarsma een aantal uitzonderlijke vertellers, waaronder Geeske Kobus-van der Zee, om hun verhalen op band op te nemen.

### CJ046905

Dêr woarde ris in preamfol hea nei Eastemar ta brocht nei Auke Jaarsma. Sy wienen allegear drok yn 't spier. Allinne âlde Roel hountsje die neat. "Jo kinne ek wol even meihelpe, Roel," sei Auke, "jo ha dochs neat by de ein. Sjoch, dêr leit wol in ketting." Roel siet foaryn. Hy pakte it ketting en luts. Doe't er in skoft oan 't lûken west hie, sei er: "Kin jim 't wol fornimme?"

"Jawis kinne wy 't fornimme", seinen de oaren.

(variant van vaarboom tegen de schuit gehouden inplaats van tegen de wal)

(Sjouke Kooistra, Eestrum, 20 september 1968)

Dit is een verhaal van het type ATU 1276, Rowing without going forward.

Een mop over nutteloze hulp.



Eén van Jaarsma's favoriete vertelsters: Geeske Kobus-Van der Zee (1885-1972)

### CJ001719

Nachts rydt der to Eastemar tusken de huzen fan Kees van Dekken en de bruorren Jaarsma in wein mei in wyt hynder der foar mei kûgelsfeart troch de stege. (meidieling fan 'e muoike fan syn wiif, dy 't to Eastemar wenne hat: Tsjitske v/d Meulen)

(Hendrik B. de Vries, Oudega, 19 februari 1966)

Het zou kunnen gaan om een spookwagen met daarin een spook, iemand die na de dood terugkeert (ook wel aangeduid als revenant of naloop).

Op de Zwarteweg zagen mannen 's nachts ook een wit paard voor een wagen (CJ005303).

In beide verhalen is sprake van onverklaarbare spokerij.

Waarom de paarden wit zijn, is onbekend. Er is een sagenmotief waarin iemand van te voren ziet dat een wit paard de wagen met de doods-kist trekt. Dat is inderdaad het geval omdat het zwarte paard dat gewoonlijk wordt ingespannen, ziek is.

## 2

### E.M. Beimastrijtte 8, café Meerzicht



Café Meerzicht rond 1925

Jan Hepkes Wouda (1862-1939), vellen- en huidenkoopman uit Surhuisterveen, had thuis bij zijn zuster weinig in te brengen, maar liet zich daarbuiten, en vooral op de brug over de “Vaart”, gelden met zijn enorme verhalen over alles wat hij meemaakte of beweerde meegemaakt te hebben. Zijn honderden verhalen, met als voornaamste thema's jacht, visvangst, zijn fiets en het weer, behoren tot het internationale leugenverhaalrepertoire, en zijn te vergelijken met de avonturen van baron van Münchhausen (1720-1797) die door de Engelse bewerking (1786) van zijn verhalen door Friedrich Raspe internationaal de bekendste leugenbaron is.

Hotel-café Meerzicht dateert uit circa 1870, en was door de ligging aan de Lits en vlakbij het Bergumermeer aanlegplaats voor watersporters en schaatsers.

#### **CJO19501**

Jan Hepkes fan Surhústerfean wie us in kear der op út mei in kammeraet op redens. Hy wie doe noch jong en wenne by syn mem yn 'e hûs.

It wie moai waer. Sy rieden de Feansterfeart del oer de Tille de Mar oer en setten op 'e joun nei Eastemar ta. Yn kafé Meerzicht woenen se even oanstekke. Mar it siet dêr sa noflik, dat sy tochten net oan fuortgean.

Mar doe't se in slokje op hienen krigen se spul an al gau gong it op in fechtsjen. It wie al let doe't se to foet nei 't Fean tasetten.

Jan syn mem wie noch op. Sy sei: “Hwer ha jim sa lang west? Ha jim oan 't fechtsjen west?”

“Né”, sei Jan.

“Né? Draei dy us om. Dû hast àl oan 't fechtsjen west. Dû hast it kwykmes noch yn 'e rêch.”

Mei it kwykmes yn 'e rêch wie Jan Hepkes mei syn kammeraet nei 't Fean ôfset.

(Pieter Koopmans, Augustinusga, 23 mei 1967)

# 3

## Brug over de Lits

### CJ120403

In muoike fan my - ek in skipperske hie op in joun in swarte kat oan board. Hja leinen by de draei yn Eastemar. Dy kat roun hyltyd mar wer foar 't skúfke fan it durkslûk lâns. Doe hat muoike dy kat pakt en him tsjin 'e peallen fan 'e draei oansmiten. De oare moarns roun dêr in âld minske, dat dêr wenne, mei de hân yn 'e doek.

(Rommert van der Meer, Oostermeer, juni 1978)

Tot in de eerste helft van de twintigste eeuw was het geloof wijd verspreid dat heksen zich ('s nachts) in (zwarte) katten konden veranderen. Heksenkatten hadden altijd kwaad in de zin. De tante verwondt hier de kat. De volgende ochtend blijkt een oude vrouw gewond te zijn, het bewijs dat zij dus 's nachts de zwarte heksenkat was geweest.

### CJ047303

Der wie us in skip mei poepen, dy soenen allegear to ûngetiidzjen. Sy kommen fan 'e Burgumermar yn 't kanael by Eastemar. Doe seagen se dat de line fan 't skip oer de Eastemarre brêge hinne gong.

Doe tochten se: dêr mat it skip ek oer.

Dat like har net goed ta. Sy woarden binaud en doe gongen se allegear werom.

(Michiel Kramer, Eestrum, 29 maart 1968)

Poep was een scheldnaam voor Duitse seizoenarbeiders (vooral maaiers) en reizende kooplieden die tussen de 17e en eind 19e eeuw jaarlijks naar Friesland kwamen, en die in de z.g. "poepeteltsjes" als bijzonder dom en onnozelen worden afgeschilderd. In werkelijkheid is het taalprobleem tussen de Nederlanders en de Duitsers de kern van de misverstanden. Het woord Poep komt van het Duitse Bube (jongen, kerel): de b werd door de Duitsers uit Westfalen en Oostfriesland als een harde p uitgesproken.

Jaarsma publiceerde in o.a. het *Friesch Landbouwblad* een reeks berijmde verhalen over Poepen.

### CJ063501

In stim út it wetter.

Lange jierren lyn fortelde keapman Reeling op 'e sosieteit to Eastemar dat it wie ris bard dat er mei in kloftsje manlju op 'e Eastemarre brêge stie to praten. Hy wie doe noch tige jong west. (± 1850)

Keapman Reeling fortelde: "Doe hearden wy ynienen in lûd gejammer dat kom de kant fan 'e Leijen út wei. 't Wie krekt as wie dêr ien yn deadsgefaer.

In jongfeint, dy't by ús stie, woarde wyt om 'e holle en sei: 'Dat is foar my ornearre, ik wurd roppen'.

In pear wiken letter is hy yndied op 'e Leijen fordronken."

Keapman fortelde dit as in gefal dat wier bard wie en hy neamde de namme fan de fordronkene der by.

Master van Koten fan Eastemar fortelde itselde forhael, mar dy foege der oan ta dat der wie roppen woarn: "De tijd is verschenen, maar de man is er nog niet." Keapman hie dat der nèt by.

(Johan Wybenga, Kollum, 8 mei 1967)

De sage waarin gejammer in het water is te horen of een stem uit het water zegt dat de tijd is verschenen, maar de man nog niet, is een sage over spokerij. Deze populaire sage lijkt uit te dragen dat aan het noodlot niet valt te ontkomen.



De brug rond 1916

# 4

## Waltsje 1, Scheepswerf

In de 18e eeuw was er veel (vracht)scheepvaart vanuit Oostermeer, waardoor er veel werk was voor de scheepstimmerwerf (helling) op het eind van het Waltsje. B.R. Veltman meldt in zijn geschiedenis van Oostermeer (1924) dat door de opkomst van ijzeren schepen de scheepshelling zijn langste tijd heeft gehad.

**Cjo288o1**

Yn myn jonge jierren ha 'k it op 'e helling yn Eastemar faek brouwen heard. Soms hammere it ek hiel lûd, dat wiisde der op, dat it dan de oare deis wer drok op in timmerjen gean soe.

Sibrich, it wiif fan 'e hellingbaes, sei, dat hja dêr wol graech oer mochten, dan kom der drokte.

(Rinse de Vries, Oostermeer, 10 februari 1967)

Eén van de drie vormen van spokerij is een voorteken, voorloop van een gebeurtenis.



*Scheepshelling, Waltsje 1. Tekening Frits Hollema, 1994*

# 5

## Komerik (Koemarkt), Tovenaar Imke de Jong

Imke de Jong werd in 1852 in de omgeving van Jubbega geboren, en overleed na een zwervend leven in 1939 in Amsterdam. Van jongs af aan haalde Imke, die net als zijn vader de bijnaam Modder had, allerlei rare streken uit. Na zijn schooltijd had hij verschillende baantjes, maar nergens hield hij het lang vol. Uiteindelijk verdiende hij, reizend door heel Nederland, de kost als speelman (violist), scharensliiep, en met de goochelarij.

Over zijn leven doen veel verhalen de ronde; zo zou hij hebben rondgetrokken met een woonwagen, in zijn jonge jaren boerenknecht zijn geweest op de Bouwekleaster bij Drogeham, een boerderij hebben gekocht van het geld dat hij met zijn goochelarij en (tover)kunsten had verdiend.

In de 162 verhalen over Imke de Jong die Jaarsma optekende, passeren allerlei streken de revue, zoals het vastzetten, het laten zakken van kleding, of zich bevrijden als hij opgesloten zit. Binnen het vastzetten van personen komt het verhaal over het vastzetten van politieagent Tjeerd van Dekken een groot aantal keren voor. Bij het vastzetten wordt iemands actie als het ware bevroren en kan het slachtoffer geen vin meer verroeren. Vastzetten als hij belachelijk wordt gemaakt of wordt tegengewerkt is de meest favoriete kunst van een tovenaar. Of het vastzetten werkelijk is gebeurd is de vraag, de verhalen over vastzetten kunnen ook de afkeer en het belachelijk maken van gezag weergeven.

### CJOI3013

Tseard van Dekken wie plysje yn 'e Ham. Hy wie in kear op Eastemarre merke. Dêr wie Imke de Jong ek. Tseard stuts Imke de gek oan. Mar doe hied er de forkearde foar. Imke liet him stean, heite en hy sei: "Nou kinst dyn gong mar gean." Mar Tseard dy koe net in poat forsette. Sa hat er dêr in hiel set stien. Op 't lêst hat Imke him wer forlost.

(Lammert de Haan, Buitenpost, 13 december 1966)

### CJOI9411

Imke de Jong liet Lou fan Douwe Liuwes op Eastemarre merke drinke.

"Hwat is dit?"

"Molke."

"Hwat is dat?"

"Brandewyn."

"Hwat is dit?"

"Wetter."

"Hwat is dat?"

"Sûpe."

"Hwat is dit?"

"Harre-jasses-jarre."

't Wie allegear itselde dat er drinke liet.

(Roel van der Brug, Oostermeer, optekening van vroeger, nl. augustus 1951)

In dit verhaal is sprake van zinsbegoocheling, een andere kenmerkende kunst van een tovenaar, door de man te laten denken dat hij steeds iets anders drinkt. Mogelijk is de truc gebaseerd op hypnose.

## E.M. Beimastrijtte 7

Het pand was eerder herberg ‘Het Witte Paard’. Rond 1900 woonde er veekoopman Jacob Wiemers Hoeksma, een verwoed bunzingjager, die de bijnaam Japik-Mud had gekregen. Het huis werd dan ook wel ‘De Muddehoale’ (Het Bunzinghol) genoemd werd. Na een brand rond 1910 kreeg het pand een nieuwe gevel.

**CJ102601**

Mem har âlden wennen yn ‘e herberch Het witte paerd to Eastemar op ‘e hoeke fan ‘e Snakkerbuorren. De murdehoeke, sa woarde dy herberch neamd, omdat ús heit, Japik Hoeksma syn bynamme wie Japik Murd. Op in joun, doe gong ‘t der bot oan wei yn ‘e herberch. Mem wie doe noch in famke, hja siet by de tafel. It jongfolk wie sa roerich dat it wie net moai mear. Flokke en oangean en tjirgje. Ynienen gong de doar sa mar fansels iepen en der kom in hiele greate grouwe roetswarte houn oan. Dy komt de tapkeamer yn en docht in slach om ‘e tafel hinne. Se wienen ynienen allegear deastil west. Doe wie dy houn ek fansels wer fuort gong. Mem hat it faek forteld. Hja siet der sels by. Dy houn, dat mat de duvel west ha.  
(Frietsen Jansma, Drachten, 26 mei 1973)

**CJ121106**

Myn broer fortelde: Twa bruorren, Atse en Wander Veltman, allebeide timmerlju to Eastemar kamen ris op in jounne thús, doe sei de iene tsjin ‘e oare: “Sjoch, de herberch stiet yn ‘e brân.” Hy seach de minsken drok yn ‘t spier om der allegearre guod noch út to heljen. Mar ‘t wie sa net. Hja rounen der hinne, mar dêr wie hielendal gjin brân. Letter is dy herberch opbrând. Dat is sa’n 80 jier lyn, ik wie doe noch in jonkje.  
(Jurjen van der Meer, Zwaagwesteinde, 1 september 1979)

**CJ016709**

To Eastemar wenne froeger in âld minske. Frytsen hiet se. Se wie mei de helm geboaren. Om tolve ûre yn ‘e nacht moest se der út en dan seach se dingen, dy’t in oar net sjen koe. En it kom letter altyd krekt sa út as hja it fan tofoaren sjoen hie. Sa wie it us doe seach se de herberch ‘Het witte peerd’ op ‘e hoeke fan ‘e Snakkerbuorren yn ljochte lôge stean. De oare wyks brânde dy herberch ôf. Sy kom ek us yn ‘e pottewinkel fan Rikele Pot. “Binnen twa dagen gebeurt hjir in ramp”, sei se. De oare deis bijoech him in planke yn ‘e winkel en der kom in hiele dracht potten en pannen del, dy’t yn diggels foelen.  
(Roel van der Brug, Oostmeer, 6 september 1950)

Mensen die met de helm, een vlies over het hoofd, zijn geboren hebben een bijzondere gave; ze kunnen in de toekomst kijken. Door de helm te begraven of te verbranden wordt deze gave voorkomen. Bij ouders bestond de angst dat de dokter of de vroedvrouw de helm zou meenemen om te verkopen aan een soldaat die dan kogelvrij was, of een zeeman die dan het weer kon voorspellen.



E.M. Beimastrijtte 7 rond 1916



# 7

## It Breed



*De Broekophouder*

Voor heel veel plaatsen doen verschillende verhalen over het ontstaan van de naam de ronde. Deze naamsverklaringen kloppen nooit. De naam Oostermeer, die op oude kaarten staat op de plaats van het huidige Hoogzand, verwijst naar de ligging ten oosten van het Bergumermeer.

### **cjo862o6 Ontstaan naam Oostermeer**

Der wie in dief, dy hie stellen. In hiele bult minsken der achteroan. sy kommen troch in doarp, dat noch gjin namme hie. “Hokker matte wy pakke?” rôpen dy minsken. “De earste mar!” woarde der weromroppen. Doe krige dat doarp de namme Eastemar.

Doe kommen se yn in oar plak, dat èk noch gjin namme hie. Dêr rôpen se: “Sy ha him samar!” Doe krige dat plak de namme Sumar.

Even letter wienen se al wer yn in plak dat noch gjin namme hie. Dêr rôpen se de minsken ta, dy’t oan ‘e kant fan ‘e wei stienen: “Gryp him! Gryp him!” Doe krige dat plak de namme Geryp.

En doe kommen se nochris yn in plak sûnder namme. Dêr krigen se de dief to pakken. Doe rôpen se “Burg him! Burg him!” En sadwaende krige dat plak de namme Burgum.

(Willem van der Brug, Drachten, 16 juli 1971)

### **cjo85o1o**

Hoe’t de nammen Eastemar, Sumar en Akkrum ûntstien binne:

Der wienen in pear manlju út ‘e Rottefalle, dy soenen in feart grave. Doe kommen se op in plak, dêr woenen se úteinsette.

“Earst hjir mar bigjinne”, sei der ien. Der wienen guon dy hearden dat en doe joegen se dat plak de namme Eastemar. Doe’t se in ein fierder wienen kommen se op in plak, dêr sei de iene tsjin ‘e oare: “Sa mar fuortfarre, hê?” Guon dy’t dat hearden joegen doe oan dat plak de namme Sumar.

Op it lêst wienen se in hiel ein. Doe seach ien fan ‘e mannen achterom. De feart roan bryk en hy sei: “Ah ... krom!” Dat woarde ek troch guon heard en sa krige it plak dat dêr by lei de namme fan Akkrom.

(Willem Land, Harkema, 10 juni 1971)

### **Spotnaam**

Spotnamen zijn plagerijen van anderen, waarmee de bewoners als dom, gierig, armoedig, onaangepast, crimineel, enz. werden weggezet. Net als veel andere plaatsen heeft Oostermeer de spotnaam Broekophouder toegeëigend als geuzennaam en prominent een beeld in het dorp geplaatst. Sinds 1984 staat de Broekophouder van Aizo Betten op Het Breed, midden in het dorp. Over de betekenis van broekophouder zijn verschillende - onbewezen - verklaringen in omloop, zoals een verwijzing naar de vroegere armoede (het meest waarschijnlijk), verwijzing naar de eigenzinnigheid van de bewoners en een verwijzing naar de zeilterm broek, een loshangende vouw in het grootzeil die ontstond als de schipper het zeil van onderen wat liet ophijzen om te zien hoe hij moest zeilen. In het dorpswapen staat weliswaar een zeilschip, maar dat verwijst naar de belangrijke rol van de scheepvaart in Oostermeer.

### **Spotnamen**

#### **cjo4o213**

De Surhústerfeansters binne meslûkers.

De Burumers binne bollen.

De Bûtenposters binne brimzen.

De Eastemarders binne broekophâlders.

(Freerk Kuipers, Surhuizum, 5 mei 1968)

## Teye Tolstrjitte



### CJ126201

Teije Tol fan Eastemar wie in frijmitselder. Hy snie houtene nammen stikken. Dy har namme it wie, dat minske gong dan yn allerhande stikken.

(Jurjen van der Leest, Suameerderheide)

Teye Harmens Töl (1822-1897) was blauwverver en wonderdokter. Hij had zichzelf Latijn, Grieks en Hebreeuws geleerd, beoefende de sterrenkunde, en was in de wijde omtrek bekend als wonder(kruiden)dokter.

Van vrijmetselaars werd gezegd dat ze een verbond met de duivel hebben gesloten en hun ziel aan de duivel hebben verkocht. Om de zeven jaar moet er een vrijmetselaar dood; ze dobbelen er om wie dat zal zijn. Vrijmetselaars hebben nooit gebrek aan geld, want ze hebben een wisseldaalder die nooit opraakt, want altijd weer bij de eigenaar terugkeert.

# 9

## E.M. Beimastrjitte 17



Begin 19e eeuw had de vader van Elte Martens Beima (1801-1873) in het pand een bakkerij. Beima was op de lagere school al een knappe kop. Na zijn schooltijd kwam bij zijn vader in de bakkerij, maar bleef ook bezig met vooral wis- en sterrenkunde. Eerst de dominee van Oostermeer en later de toenmalige gouverneur van Friesland namen hem onder hun hoede; de laatste bood aan hem op zijn kosten wis- en natuurkunde te laten studeren. In 1824 begon hij zijn studie in Leiden, waar hij in 1842 promoveerde. Hij werd geen hoogleraar, maar conservator mineralogie en geologie van 's Rijks Museum van Natuurlijke Historiën (nu Naturalis) in Leiden.

### СЮЗОБИ

Elte Martens Beima wie in jonge, dy wenne yn Eastemar. Hy is as stjerrekundige letter tige forneamd woarn. Op in kear doe wienen der lânmjitters oan 't mjitten. De jonge bleau stean om der nei to sjen. Hy seach, dat se it net goed dienen. Doe sei er: As jim dat sa of sa ris bisochten, soe dat net better wêze? Doe't se it net foarinoar krije koenen, dienen se dat, en doe paste it. Doe gongen se nei meester ta en doe fregen se hwat jonge of dat wie. Dy jonge rint der út, sei master, hy wit mear as ik.

(Kees Martens de Vries, Drachten, 18 november 1968)

# IO

## E.M. Beimastrjitte 31 (en 27, 29), Armhuis



*Knipprent van Greta Zijl bij een gedicht van Dam Jaarsma over Jan Hepkes Wouda die een snoek voor zijn boot spant*

Het Armhuis bestond uit drie kamers, een grote voorkamer, een achterkamer, en een kleine voorkamer. In 1955 werd het gehele pand afgebroken.

Veel armenhuizen bestonden uit kamers waar hele gezinnen moesten wonen.

### **CJ022202**

Baes Klok (Wiebenga, dy't klokmakker wie en yn 't earmhûs to Eastemar wenne) fortelde, dat sy hienen in kear to silen west op 'e Burgumer Mar en doe gong it boatsje ta harren forbazing yn 'e wyn op. Hoe koe dat? Hja seagen ûnder 'e boat en doe woarden se it gewaer. It boatsje hie sitten op in ûnbidich greate finne fan in kolossale bears. Dy hie 't boatsje mei seil en treil yn 'e wyn op meinom.

(Johan Wybenga, Kollum, 28 juli 1967)

### **CJ097305**

Jan Hepkes wie koopman. Hy handele ek yn aeijen.

Dy helle er op by de minsken en nom se mei nei stêd ta.

By 't Knjillisdjip lâns wennen èk minsken dêr't er de aeijen fan kocht. Dy hienen in hinnefokkerije. Hy farde dêr hinne yn in roeiboatsje. Doe wie dêr in dikke snoek, dy snapte er. Dy spande hy foar 't boatsje. As it snoekje syn nocht krige fan 't lûken, nom Jan in aei en smiet dat in ein foar de snoek út. Dan skeat de snoek dêr wer hinne en it boatsje kom wer in moai ein foarút.

Sa nou en dan nom er in aei út 'e koer foar de snoek. De snoek kom yn 'e Feenster feart en dêr bleau er. Jan fuorre him geregeld.

Op in kear smiet Jan in net út. Dat net makke er fêst oan 't kezyn fan 'e doar.

Doe tocht er de oare moarns: ik mat ris sjen. Hwant hy hie hwat heard. Doe't er fan 't bêd kom en seach, doe wie 't hiele kezyn der út. It net wie stikken en de snoek wie fuort.

Doe't er ynformearde fonom er dat 't kezyn by de omloop yn 'e feart wie. Jan gong dêrhinne en dêr hat er de snoek ôfmakke.

(Jakobus Pool, Boelenslaan, 16 januari 1973)

### **CJ019504**

Jan Hepkes brocht mei 't boatsje boadskippen nei Reahel, Mûntstille, 't Heechhout ensa. Hy ruile dan faek by de boeren aeijen oan 'e boadskippen. Mei dy aeijen kom er dan werom.

Op in kear, doe wied er op 'e weromreis yn 'e Feenster feart.

Doe tocht er: "Hwat fart dêr hyltyd njonken my?" "Ik goed sjen," sei er, "en doe wie dat in grouwe snoek. In kanjer!"

"Ik tocht: - Dû kinst my skoan lûke. Dû hast de lea der wol foar, heite -"

Doe smiet Jan de galgens ôf, dy knope der as in beachje by inoar en dy smiet er de snoek bihindich om 'e nekke.

Doe hied er dy snoek moai foar 't boatsje spand. Sa nou en dan smiet er in aei in eintsje foar him út de feart yn. De snoek skeat der achteroan en friet it op. Sa kom Jan Hepkes maklik op it Fean.

(Pieter Koopmans, Augustinusga, 23 mei 1967)

Dit zijn volksverhalen van het type vdk 1960B.11 Schip zeilt op de rug van een grote vis en van het type AT 1960B The Great Fish.

Leugenverhalen over grote vissen zullen overal in waterrijke gebieden voorkomen. Bovenstaande ongeloofwaardige staaltjes van visserslatijn zijn maar enkele voorbeelden.

# II

## E.M. Beimastrjitte 61



**CJ115907**

Us mem koe lêze noch skriuwe. Hja wie in skippersdochter, mar hja fortelde ús wolris in forhaeltsje. Hja fortelde, der wie ris in earne klearmakker, dy koe 't wurk net dwaen, hwant hy wie siik. Hy siet bot yn 'e forlegenheit, doe kamen der yn 'e nacht kabouters en dy makken it wurk. Dat dienen se sa moai en sa goed, dat der wienen folle mear minsken, dy't de klean by dy klearmakker makke ha woenen. Elke nacht kamen de kabouters en de oare moarns wienen de klean makke. Mar de frou fan 'e klearmakker wie nijsgjirrich. Dy woe wite hwa't dat wurk makken. Hja struide de jouns foardat se op bêd gongen griene earten oer de flier. Doe't de kabouters dy nachts kamen, glieden se alle kanten út, se koenen neat bigjinne. Se ha doe noait wer by de klearmakker west.

(Tamme Hansma, Oostermeer, 26 september 1977)

Verteller Tamme Hansma woonde vanaf 1953 in de E.M. Beimastrjitte 61.

**CJ080503**

Kabouters, seinen se, hienen har wenplak yn 'e groun. Nachts dienen se it wurk foar de minsken.

Wy plachten wol to sizzen, as it wurk jouns net ôfmakke wie: "Smyt it wurk der mar hinne en lit de kabouters der mar mei rêdde."

(Bareld van der Sluis, Oostermeer, 8 januari 1970)

**CJ074226**

Ierdmantsjes wennen yn in holle beam. Koe men it wurk net oan, dan sei men: "Nou hoop ik, dat de ierdmantsjes my helpe."

(Willemke Zeilstra - Kuipers, Oostermeer, 1 september 1969)

Dit zijn verhalen van het type SINSAG 0063 Die hilfsbereiten Zwerge arbeiten in der Nacht für die Menschen für Nahrungsmittel (Tabak, Geld). Kabouters zijn in de volksverbeelding kleine aardwezens die in heel Nederland voorkomen, onder verschillende namen. Waar de kabouters precies vandaan komen, is moeilijk te zeggen, maar onder hun alternatieve naam alvermannekes lijken ze familie te zijn van de oudere elfen of alven. Veel kabouters in Nederland zouden in heuvels en bergjes gewoond hebben, maar er hebben ook huiskabouters bestaan. In boeken voor kinderen en de boeken van Rien Poortvliet zijn kabouters heel vriendelijke wezens. In de traditionele volksverhalen zijn kabouters ambivalente wezens, die het ene moment vriendelijk en behulpzaam zijn, maar als ze geplaagd worden of als mensen nieuwsgierig zijn hoe ze eruit zien, wraak nemen.

# I 2

## Kleine Hornstweg (of: Boerderij De Hornst, Zwarteweg)



Grote Wopke (Wopke de Vries, 1821-1893)  
uit Kuikborne

Het navolgende verhaal gaat over duivelbanner en wonderdokter Hinse Jehannes (Heinze Johannes) de Boer (1804-1879) van het Zwartveen (Nijtap, bij Opeinde). De bijnaam Hinse Beest kreeg hij als genezer van vee. Hij was één van de talrijke Friese duivelbanners en wonderdokters, zoals Pieter Poes (Pieter de Roos, 1832-1904) uit Suameer, Grote Wopke (Wopke de Vries, 1821-1893) uit Kuikborne, en Joost Wiersma (1844-1927) uit Eestrum.

Duivelbanners, die vooral vóór 1900 werkzaam zijn, kunnen onttoveren en mensen gaan naar hen toe om genezing van aan betovering toegeschreven ziektes.

In de 19e eeuw leveren dominees en artsen scherpe kritiek op hun genezingen, en stellen dat hun magische kennis niet meer is dan handigheid. Dokter Greidanus beschrijft in *De dagen van Olim* (1904) hoe hij van duivelbanner Sierd Kuiper (Sierd Schaafsma) hoort dat hij een geheim hokje had waar hij kon horen wat de wachtende mensen aan de knechten vertelden over hun klachten.

### CJ0287A01

Der wenne in faem op 'e Lytse Hoarnst to Eastemar, dy moest nei 't Swartfean, nei Hinse Jehannes de Boer om in drankje foar in sike koe. 't Wie yn 'e winter en hja gong oer iis, dat wie 't koartst.

Doe't Hinse Jehannes har it drankje joech, sei se: "Sjesa, nou gean 'k mar wer oer iis."

"Net oer iis mei de drank," sei Hinse Jehannes, "hwant dan silste falle en dan is de drankflesse stikken."

Mar hja die 't àl. Op healwei kom se to fallen. It drankje kapot. Doe gong se werom en krige in nij drankje fan him.

"Tink der om," sei Hinse, "net wer oer 't iis."

Doe roan se oer 't lân, en sa skean de feart oer. Mar doe krûpte se oer 't iis. Doe foel it drankje en opnij wie de flesse stikken. Dat doe moest se wer werom nei Hinse.

Mei it trêdde drankje kom se goed op 'e Lytse Hoarnst oan. Sy hie net wer op 't iis west.

(Roel van der Brug, vroege optekening uit 1951)

### CJ0288I9

By de widdou Zwart to Eastemar gebeurde it in kear dat it fé bitsjoend rekke. Hja gongen nei Wopke fan Kûkherne. Dy sei: "Jimme ha in stikken koegleske yn 'e stâl; sjoch allerearst, dat dat wer hiel is, en dan prate wy us wer. Ik kin wol sizze hwa't jimme fé bitsjoend hat, mar dat hâld ik leaver foar my."

(Rinse de Vries, Oostermeer, vroege optekening op 10 februari 1967)

### CJ014907

Albert van Minnen fan Eastemar hat my us forteld: Us heit hie in sike koe. Wy wennen op 'e Heidbuorren to Eastemar. Heit gong nei Kûkherne ta, nei Wopke, mei in skelling yn 'e bûs.

"Soa, bist dêr al?" frege Wopke. "Ik sil dy gau fortelle hoe't it komt, dat dy koe siik is. Boven de achterdoar is in gleske der út. Dêr kin fan alles troch komme. Set dêr in nij gleske yn, dan sacket it wol wer ôf."

"Hwat matte jo ha?" sei heit.

"Hwat ik ha mat? Hast ommers mar in skelling yn 'e bûs. Jow my dy mar."

It gleske kom der yn en de koe woarde wer better.

(Johan Wybenga, Kollum, vroege optekening 2 januari 1967)

### CJ110902

Klaes Talma hiet ús heit. Hy wenne oan 't Wyldpaed, tichte by 't spoar. Hy wie noch in jonkje.

Op in kear gong er nei in âlde frou ta om molke. Der wie in jonkje by him, dat wie syn kammeret.

It âld minske joech heit in apel, mar se sei der by, dy apel mocht er net mei it oare jonkje diele, dy moest er allinne opite.

Doe woarde heit siik. Earst gong hy noch wol wer nei it âld minske ta om molke, mar as er oan 't reedtsje ta wie, dêr't dat âld minske oan wenne, dan wie 't krekt as krigen se him, sa'n gefoel hied er.

Doe is pake nei Wopke ta gong, dy wenne yn Kûkherne. Wopke joech him in drankje mei, dêr moest er tige op passe, sei Wopke. Hwant der loerden guon op it drankje. Underweis kom der in grouwe houn oan, dy kom pake op side en treau him hyltyd nei 't wetter ta. Mei lijen kom pake thús. Mar it drankje wie hiel.

Doe ha se it kessen iepenmakke, dêr't heit op slepte.

Hja hienen in naeister. Dêr sieten krânsen yn dat kessen. Dy wienen fan fearren mar der sieten allerhande lapkes en triedden jern en plústers yn, dy't de naeister ûnder hannen hawn hie. Dy krânsen ha se forbrând.

Hwa hat him bitsjoend? hie pake oan Wopke frege. Doe hie Wopke sein: "Jo matte hjir mar op rekkenje, de neiste houn, dy byt jo it faekst."

Heit krige fan 'e drank dy't Wopke mejown hie.

Doe wie er bigoun to spuijen en doe hat er in ding útspuid, dat leefde, dat like op in slang.

Even dêrnei kom it âld minske by de doar, dêr't se de molke altyd fan krigen. Dy frege: "Hoe is 't mei 't jonkje?"

Mar se hienen har fuortjage.

Heit wie samar genesen.

(Freerkje van Sloten - Tâlma, Kollum, 25 april 1974)



Het gaat hier om verhalen van het type ТМ 3101 Heks maakt kind (mens) ziek en ТМ 4302 Volksgeneeskunde. Tegen betovering of beheksing konden reguliere artsen in de beleving van de mensen toch geen hulp bieden, maar in duivelbanners had men wel het geloof dat zij effectieve adviezen en geneesmiddelen konden geven.

De jongen is onvoorzichtig geweest om de appel die hij van de oude vrouw heeft gekregen op te eten. De ziekmaker, hier de oude vrouw in de gedaante van een grote hond, doet pogingen om het drankje dat bij de duivelbanner is gehaald, niet bij de zieke te krijgen. De kransen, van veren, lapjes en garen, in het kussen van de jongen zijn een onderdeel van de beheksing. Door de veren te verbranden en het uitbraken van een soort slang na het innemen van het drankje wordt het kind beter. De vrouw die vraagt hoe het met de jongen gaat, zal hem ziek gemaakt hebben.

# I 3

## Parsingel

**CJ007709**

Op 't Heechsân to Eastemar oan 'e ein fan 'e Parsingel stie in buorkerij. Dêr tsjinne in faem. Dy kom fan 'e Harkema. Dy faem seach dêr algeduerigen by in stikelbosk in lyts neaken berntsje, dat wei woarde yn 'e groun. Dy faem woarde op 't lêst sa binaud, dat sy woe dêr net langer by dy minsken bliuwe en sy gong wer nei Harkema ta nei har âlden.

Mar doe kaem de boer sels by har en dy sei: Och, och, kom doch wer, hwant de frou kin net sûnder dy. Sy hat bloed spuid en it is sa'n forlegene boel by ús.

Sy woe earst net, mar doe sei har mem tsjin har: Siz it 'Onze Vader' mar op, dan krigest der gjin lêst wer fan. Dat hat se doe dien. Doe is se mei de boer mei gong en sy hat it berntsje letter noait wer sjoen.

(Anders Bijma, Boelenslaan, 25 mei 1966)

Het verschijnen van het kind kan de naloop zijn van een gestorven kind dat om de één of andere reden geen rust kan vinden. Het opzeggen van het "Onze Vader" laat niet alleen spokerij verdwijnen, maar kan ook ander onheil bezweren, zoals afschrikken van de duivel.

Anders Bijma (Boelenslaan 1890-1977) bleek één van de levende Friese vertellers te zijn, die de traditionele sprookjes en anekdotes nog kon vertellen. Dam Jaarsma ontdekte hem, daarna kwamen ook andere verzamelaars als Van der Molen en Poortinga bij hem langs voor verhalen. Het idee dat volksverhalen vooral gedijen en bewaard blijven in geïsoleerde gebieden ging voor Bijma niet op, want als mollenvanger trok hij 's winters door Nederland en Duitsland.

**CJ030710**

Oan 'e Parsingel to Eastemar hinge froeger in wite gedaente oer de homeije hinne. Guon wienen dêr tige bang foar. (Mar der waerd wol biwaard dat dat ien fan 'e jonkers van Sminia west hie, dy't dat die, om 'e minsken bang to meitsjen)

(Durk Veltman, Bergum, 12 december 1967)

Verhalen waarin witte (spook)gedaanten voorkomen die niet te duiden zijn, komen veel voor.

Het toeschrijven aan een jonker Van Sminia is bijzonder, want de familie Van Sminia verkocht al in 1785 de state Driezicht waar men 's zomers verbleef.



*Anders Bijma*



# I4

## Grutte Hoarnstwei



Bij Nieuw Stedma, nr. 16, bij kruising met Seadwei  
Nieuw Stedma is een rentenierswoning met schuurgedeelte uit 1912. Rijksmonument, o.a. vanwege de vele Art Nouveau elementen in exterieur en interieur.

### CJ105601

Tryntsjemuoi wie in suster fan ús heit. Sy wenne yn Jistrum. Hja fortelde, hja roan ris op in joun fan Eastemar nei Jistrum. Op it Heechsân, tusken Koop de Jong en Nieuw Stedma kom dêr in hiele grouwe swarte houn by har. Dy sprong by har op en lei har de poaten op 't skouder. En dy houn sei: "Hoe kenstû my? Ik ha alhiel gjin kunde oan dy."

(Piter Zandstra, Oostermeer, 16 augustus 1973)

De angst voor spookdieren, en m.n. voor zwarte spookhonden, speelt in veel volksverhalen een rol. Men dacht dat het demonische of duivelse dieren waren.

### CJ097014

Wurdt der in twilling geboaren, en dat is in jonge en in fanke, dan is de jonge in wjerwolf. Sa'nien kriget gjin bern.

(Pietje Schaafsma-Wagenaar, Oostermeer (Witveen), 12 januari 1973)

### CJ017408

De bargekoopman Nicolai fan Twizel wie in wjerwolf. Hy wie ien fan sawn jonges.

Ek ien fan 'e sawn soannen fan Lammert Roek wie in wjerwolf. Hy wie trouw. Op in kear hie syn wiif Antsje in prater. (praetster)

Hy kom thú. Hy sei: "Hast ek hwat, Antsje?"

Doe smiet Antsje him in bernejurkje ta.

De prater sei: "Hwat mat er dêr mei?"

"Hy is de sawnde," sei Antsje, "hy is in wjerwolf. Hy kriget dan setten en dan mat er hwat forskuorre, oars falt er de minsken oan."

Doe't hy der wer ynkom hingen him de triedden fan it bernejurkje ta de mûle út.

(Bontje Dalman - Douma, Buitenpost, 15 oktober 1966)

### CJ039817

Der wienen in feint en in faem, dy wienen togearre út to riden.

Underweis lei de feint de swipe del en hy liet it hynder stilstean.

De faem sei tsjin 'e feint: "Hwat silstû?"

"Jow my de bûsdoek", sei er. Doe joech se him in reade bûsdoek. Dêr gong er mei fuort.

Doe't er in skoftsje fuort west hie, kom er werom. Doe hied er de reade triedden fan 'e bûsdoek tusken de toskan hingjen. "Hwat hastû dien?" sei se.

Doe hied er bikend dat er in wjerwolf wie. Hy moest nou en dan hwat forskuorre. Dêrom hied er om 'e bûsdoek frege, oars hied er har forskuorre matten.

Doe hat dy faem de forkearing gau út makke.

(Hendrikje Veenstra - van der Meer, Harkema, 5 juni 1968)

Naast bovenstaande varianten bestaat een versie waarin de jongen onderweg tegen zijn meisje zegt dat zij verder kan gaan, omdat hij iets anders moet doen. Hij waarschuwt haar dat als zij een verschijning tegenkomt, zij haar muts (zakdoek, etc.) naar de verschijning (hond, etc.) moet gooien. Later ontdekt ze dat de jongen draden tussen zijn tanden heeft, en wordt hij ontmaskerd als weerwolf.

De weerwolf ontleend zijn macht aan zijn riem, en als die is verbrand, houdt de man op weerwolf te zijn.  
Het verschijnsel weerwolf wordt wel geduid als kinderschrik, en als metafoor voor honger, maar ook als een man met een seksuele afwijking.

Bontje Dalman (1894-1979) is vooral een belangrijke informante geweest voor liederen, vanwege haar uitgebreide en bijzondere repertoire, maar ze kende ook verhalen, onder andere over spoken en tovenaars.

# I 5

## Hoogzand, Pastorie, Torenlaan 1



CJ103402

Ds. Prins fan Eastemar wie ris mei in âlderling op stap. Doomny hie 't dêr net maklik. Hja kamen troch in stik lân mei beesten. Dêr stie in wriuwpeal. Dêr naem ds. Prins de hoed ôf.

“Hwerom dogge jo dat?” frege de âlderling.

“Dat is in folle broer fan my”, antwurde ds. Prins.

(Romke Hoeksma, Drogeham, 21 juni 1973)

Dominee Prins stond van 1898-1927 in Oostermeer. Hij werd beschouwd als een ‘slinger-orthodox’, iemand waarvan men eigenlijk niet precies wist waar hij stond. Met orthodoxen praatte hij als een orthodox, met een vrijzinnige pratend leek hij vrijzinnige opvattingen te hebben.

Opmerkelijk is dat Ds Prins in 1920 de leiding had van het feestcomité ter ere van het 50-jarig huwelijksfeest van wonderdokter Joost Wiersma. Na het genezen van iemand die al was opgegeven, zou hij verklaard hebben dat Wiersma wonderen kon verrichten.

Dit verhaal hoort tot het type vdk 1818\* De dominee en de wrijfpaal: “Dag collega”.

Waling Dykstra (*Uit Frieslands volksleven*, II, 306) memoreert het bestaan van het volgende spreekwoord: “Dominees zijn wrijfpalen waar het christelijk volk de huid aan rost.” Jurjen van der Kooi (62) meent dat het verhaal is voortgekomen uit het spreekwoord, en niet andersom, wat gebruikelijker is. Het spreekwoord heeft Van der Kooi ook alleen in Friesland gevonden.



## Hoogzand, Torenlaan 3

**CJ029012**

Alde Hinse (Hinse Jehannes de Boer fan it Swartfean) woarde us by in boer yn 'e Koaten helle, hwant sy koenen it keal net fan 'e koe krije. Hinse woarde troch de boer yn 't rydtúch helle. Hy spile it klear mei de koe. It wie in moai keal.

Doe brocht de boer Hinse wer nei hûs ta.

Underweis to Eastemar yn 'e pleats, dêr't nou it hûs fan Tsjitze Jansma is, - njonken de herfoarme pasterije - sei Hinse: "Hjir stiet ek in koe, dy wol kealje, mar 't giet allegear goed."

De Koatster boer tocht op 'e weromreis: "Nou woe 'k doch wol us wite of dat sa is." Hy gong by de Heechsânster boer oan en frege. En wrachtich, it wie sa, hja hienen dêr krekt in keal fangd.

(Ruurd van der Meer, Oostermeer, december 1965)

**CJ019408 Hinse Jehannes de Boer wonderdokter**

Hinse Jehannes de Boer wenne op it Swartfean. Hy wie wûnderdokter en wie in hiele bulte mâns by it fé. Men hoefde allinne mar hwat hier tusken de hoarnen fan in koe mei to nimmen, dan wist hy wol hoe't it der mei it beest foar stie.

Alle van der Ploeg fan Eastemar hie him by 't fé helle en him wer fuortbrocht. Doe't se oan it hûs ta wienen, dêr't nou Tsjitze Jansma wennet, op it Heechsân, sei er: "Hjir kjellet in koe. 't Is in ljocht koekeal en der is net ien by."

It kom allegear út sa't er sei.

(Roel van der Brug, Oostermeer, augustus 1951)

Tjitze Jansma woonde in 1951 op Torenlaan 3.



*Verteller Ruurd van der Meer*

# I 7

## Hoogzand, Toren, Torenlaan 11



### CJ003010

To Eastemar by de âld toer spoeke in dikke, swarte houn om. Der wienen minsken, dy hienen him wol sjoen. Yn 'e sechstiger jierren fan 'e foarige ieu wenne der op Skûlenburch in man, dy hie dêr in oaljeslagerij. Dy man hie forkearing mei in widdou to Eastemar. Mar hy doarst net to reizgjen by nacht. Hwant by de âld toer, dêr't [er] foarby moest, dêr spoeke it.

Dêrom frege er syn buorman, as dy him bringe en helje woe. Dy buorman dat wie in drysten-ien, dy't neat om spoeken joech.

Dy man gong dus mei. Hy hie sa'n lyts twatinich foarkje by him, dêr't se it wiete flaechs mei út 'e preammen wei op 'e wâl stutsen.

Op in kear, doe soed er oer it bartsje fan it tsjerkhôfspaed, doe stie dêr in houn. "Doe bist in dikken," sei de man, "ik krige net graech rúzje mei dy."

De houn wie roetswart. Hy roan mei him op en bleau him lyk op 'e side oan't er by de dikke beammen kom. Dêr is de Parsingel. Doe wied er ynienen fuort, noait liker as sonk er wei yn 'e groun.

(opm. Jaarsma: Sa'n grouwe, swarte houn spoeke der êk op 'e Parsingel sêls, hat in âld-man my ris forteld.)

(Sjoerd Koster, Kollumerzwaag, vroege optekening, september 1955)

Een zwarte hond 's nachts wordt vaak geïnterpreteerd als een spookhond, een demonische hond of een hellehond.

### CJ003008

Tichte by de âld toer to Eastemar wenne froeger in slachter. Dy hiet fan Tsjipke. Op in joun moest er nei in boer ta to slachtsjen. Doe't dat gebeurde wie woarde de flesse op 'e tafel set. Dat wie sa it gebrûk. En dêrnei soe Tsjipke dan wer op hûs yn. Doe frege him ien: "As de âld hear dy aenst yn 'e mjitte komt, soest dan ek kjel wurde?"

"Dêr jow ik neat om", sei Tsjipke.

Mar de âld hear kom him yn 'e mjitte. Tsjipke seach it dúdlik. Hy sette it op in rinnen, sa hurd as er koe. Hy goaide de doar suver út 'e hingsels wei en de tsjerne rekke fan 'e skammel. Hy doarst de doar net iens achter him ticht to dwaen.

Hy hat de skrik sa to pakken krige, dat hy hat noait wer drank brûkt, wurdt der sein.

De âld hear, dat wie in mynhear Poutsma, dy't by syn libben op it slot to Eastemar wenne hat. Nei't er stoarn wie, spoeke er op it Heechsân om en makke in bulte minsken kjel.

(Sjoerd Koster, Kollumerzwaag, vroege optekening, september 1955)

Meneer Poutsma zal ritmeester Johannes van Poutsma (1686-1723) zijn, die in 1719 trouwde met een Van Haersma, en daarmee in het bezit kwam van het Blauwhuis, dat hij liet verbouwen tot het buitenhuis Haersma state.

Naloop van iemand na de dood is doorgaans een uitvloeisel van een onrechtmatigheid, die nog moet worden rechtgezet. Zo kan bijvoorbeeld een belofte aan de gestorvene nog niet zijn vervuld. De motieven hierboven doen ook denken aan spotten met de duivel dat wordt gestraft.



**CJ0287A09**

Op it Heechsân yn it hûs achter dat fan Tsjitske Jânsma wenne in boer mei trije susters. Dat wienen Tryn, Tet en Jits. As der ien nei 't tsjerkhôf brocht woarde, hellen de froulju alle guod fan 't potrak yn 'e hûs en treauwen de kaeisgatten ticht mei brea.

(Roel van der Brug, Oostermeer, vroege optekening: 1951)

In het algemeen worden sleutelgaten dichtgestopt als afweer tegen het binnenkomen van nachtmerries, heksen en geesten van overledenen die men niet in huis wil hebben. Het brood was mogelijk roggebrood, want rogge geldt als heilig en als een sterke afweer tegen het kwaad.

**CJ119505**

It forhael fan 'e jongfaem dy't op 't Eastemarre tsjerkhôf mei de stôk troch de rok hinne stuts barde by it grêf fan in sekere Sipke, en dy hat wenne op Buning's plaets op 'e Boerestreek.

(Simon Wybenga, Kollum, zomer 1967)

**CJ098503**

Der waerd ris in kear troch it jongfolk in weddenskip hâlden mei in faem. Dy moest dy nachts nei 't tsjerkhôf ta en dêr in stok yn it grêf stekke fan in bipaeld persoan, dan krige hja in stik jild.

Hja gong dêr hinne by nacht. Mar froeger dragen/droegen de froulju lange rokken. Doe't hja de stok yn 'e groun stekke soe, stiek hja de stok troch har rok hinne yn 't gers. Hja is stoarn fan 'e skrik. Hja hat grif miend dat hja beethâlden waerd. De oare moarns lei hja dea op it tsjerkhôf.

(Willem Algra, Molenend, 9 maart 1973)

**CJ079017**

Der wie ris in faem, dy tsjinne by de boer. Dêr wie ek in soan yn 'e hûs.

Op in joun sil se mei de soan to ôfljochtsjen. Hja hat in kears yn 'e hân. Dan komt der in wynpûster oan en de kears giet út.

De faem jowt in gjalp, mar de feint laket har út.

Dy faem hie forkearing hawn mei ien, dy wie stoarn, dy lei op 't tsjerkhôf.

Hwat bistû in bangkiter, seit de feint.

"Ik bin net bang," seit se, "ik doar rounom wol hinne yn 't tsjuster."

"Wedzje om in goune fan net?" seit de feint.

"Oannom", sei se.

"Bring dan dizze biezemstok yn 't graef fan dyn âld frijer", sei er.

Doe gong se mei de biezemstok op 't stap. It waeide nochal hwat. Doe't se op it tsjerkhôf stie by it grêf fan har froegere feint soe se de stok yn 'e groun stekke en gau wer fuort, mar doe woarde se fêsthâlden.

Sy woarde sa kjel dat sy foel op 'e groun del, bûten westen. Doe't se net werom kom, gongen de boer en syn soan nei 't tsjerkhôf ta. Dêr founen se har. Sy wie nòch bûten westen. Hja hie de stok troch de skel hinnestutsen yn 'e groun.

Dêrtroch koe se net fuortkomme.

De boer en de soan ha har thús helle. Mar sûnt wie se har forstân kwyt.

(Hendrik Pitstra, Harkema, 18 oktober 1969)

**CJ117401**

Op 't Heechsân op 'e plaets, dêr't Swarte Hoeke wenne hat, wenne in feint, dy hie pine yn 'e mûle. Se wienen dêr dy deis op 'e telle oan 't terskjen. Twa jonkers van Sminia wienen dêr ek by. De feint klage oer pine yn 'e mûle en doe sei ien

fan 'e arbeiders: dan mast nei 't tsjerkhôf ta gean, nei de bientsjekou en dêr in deabonkje út krije en dêrmei tsjin 't wang wriuwe.

Ik gean dêr dalik hinne, sei de feint.

Mar de beide jonkers hienen 't heard. 't Wie donker. Hja forlieten gau de skuorre en gongen nei 't tsjerkhôf ta. Hja pasten op dat hja yn 't baerhokje wienen foardat dy feint der wie. Hja stelden har dêr fordekt op.

Dêr kaem de feint al oan. Hy soe in bonkje pakke, doe sei de iene jonker mei in aeklike grêfstim: Net fan myn bonken, hear. De feint bistoar it hast fan kjellens en makke gau dat er fuort kaem.

(Durk Veltman, Bergum, 6 augustus 1978)

Een kerkhof in het donker is de plaats waar mensen bang zijn. Gedaantes worden in het donker en uit angst aangezien voor spoken, maar blijken achteraf een dier of iets anders, te zijn.

Het verhaal van het meisje dat zichzelf vastzet komt onder de titel 'De moedige dienstmeid van Oostermeer' voor in Waling Dykstra's *Uit Friesland's Volksleven* (1896, deel 2).

# I9

## Hoogzand, Torenlaan 16, tussen boerderij Mame Ozinga en Hervormde Kerk



**CJ122701**

Skoanmem fortelde hja wie op in joun oer 't Heechsân to Eastemar roun. Tusken de herfoarme tsjerke en de pleats fan Mame Ozinga hat in buorkerij stien mei de hekke by de wei. Dy pleats stie in eintsje achterút. Op dy hekke sieten de Harms-Antsje-froulju alle trije mei wite mûtsen op. Doe wienen se al lang dea. Dy froulju spoeken dêr.

(Hâns H. Hooijenga, Suameer, 20 september 1979)

Spoken in de vorm van terugkerende doden (naloop) komen in volksverhalen veel voor.



*Boerderij Mame Ozinga rond 1920*



## Hoogzand, Torenlaan 17, Hooghof



Het Hooghof werd bewoond door de eigenaar van de naastgelegen kwekerij nr. 19A, en was vanaf de dertiger jaren jarenlang dokterswoning.

Aan het Hooghof is de liefdesgeschiedenis tussen de rijke boerenzoon Rypke Tjerks Atsma en het dienstmeisje Rigdje Douma verbonden. Het zwangere meisje verdronk zichzelf in 1883, mogelijk nadat de boerenzoon haar - misschien gedwongen - in de steek had gelaten, maar mogelijk ook doordat zij door de kerk als zondaar werd beschouwd. De bemoeienis van de kerk leidde tot een hevige discussie over goed en kwaad in het *Weekblad voor het Kanton Bergum*.

### CJO17906

It gebeurde faker as iens dat ik jouns let oer Eastemar nei Skûlenburch roan en dan in timmerjen hearde op it plak dêr't nou de dokter wennet, op it Heechsân.

Fuort neitiid woarde dêr it 'Hooghof' delset fan Rypke Atsma. Dat timmerjen hat foartsjirmerije west.

(Tsjerk van der Veen, Suameer, 26 april 1967)

Het zien en horen van verschijnselen die naderhand gebeuren is een veelvoorkomend thema.

### CJO26511

Alde Dúfke, hjir fan 'e Harkema, dat wie ús buorminske. Dy koe kopkewippe. Op in kear doe wie ik dêr. Ik hie dêr in kopke kofje opdronken, doe seach se yn 't kofjedik.

Ik moest bifalle, mar dat wist ik doe sels noch net.

Dúfke sei: "Meitsje dy mar net al to bliid, ik siz dy net hwat it wurdt." Doe krige ik yn 'e gaten, hwer't se op doelde. Ik sei: "Nou wol ik it wite." Doe sei se it. It soe in jonkje wurde. Dat is ek útkom.

(Letter paste ik wol op, dat ik it kopke noait hielendal leech dronk, dan koe se neat sjen.)

De frou fan Rypke Atsma fan Eastemar, doe't dy noch jong wie, gong wol nei har ta doe't se noch faem wie. Sy woe graech wite of se Rypke ek ha soe, ja of né. Hja woe him graech ha. "Dû krigest him", sei Dúfke. Dat seach hja yn 't kofjedik. En 't is wòl sa útkom. Hja is mei him troud.

(Elisabeth de Haan - Mozes, Harkema, 23 augustus 1967)

Waling Dykstra stelt in *Uit Friesland's volksleven* (deel 2, 1896) dat waarzeggen een duivelskunst is, en vooral het werk van vrouwen is. Handkijksters kwamen toen niet meer voor in Friesland, wel kaartlegsters en kopjekijksters. In een aantal verhalen spreken de kaartlegsters en kopjekijksters een formule uit. Het meisje uit het verhaal had ook in een zwarte spiegel kunnen kijken om te weten te komen met wie ze zou trouwen. Vroeger stonden op kermissen tenten met zwarte spiegels die bezoekers in de toekomst lieten zien.



*Het Hooghof rond 1930*

# 2 I

## Schuilenburgerweg/Hoogzand

### СЮОБІІІ

Guon kommen us let yn 'e nacht fan in pretsje. Se mältjirgen net allinne, mar der woarden slimme flokwurden brûkt. Se kommen yn 'e buert fan Eastemar tusken hege diken. By in hekke woarde ien fan dy feinten dy't it sa mâl opsein hienen, samar by de oaren weinom, dat se stienen forstomd.

Ien wie hwat dryster as de oaren, dy kom tichter by de hekke. "Der leit ergens in swart plak by de dyk", sei er. Hy teach de dryste skuon oan en hy gong oer de hekke hinne nei dat plak ta. Doe lei dyselde dêr forkoald. (It gebeurde tusken Skûlenburch en 't Heechsân)

(Jan Jager [bijnaam Jan Putter], Noordbergum, 1 juli 1966)

Spotters met de duivel of met God worden door de duivel gestraft door ze in een sloot (over een hek) te smijten, met veel geweld opzij te zetten of zelfs te worden gedood. Daarna beteren sommige spotters hun leven.



# 22

## Schuilenburgerweg / Sawn hûskes, bij kruising met Pieter Johannesweg



Op de hoek van de Skûlenboargerwei en de Piter Jehanneswei stonden in de 19e en begin 20e eeuw zeven kleine huizen. Deze buurtschap werd daarom de Sânhûskes genoemd.

### CJ003021

Yn Eastemar, tichte by de Sawn hûskes, woarde us ien fan 'e Koaten, dy't dêr lâns fytste by jountiid, fan 'e iene kant fan 'e wei nei de oare smiten. Mar it eigenaerdige wie, der hie neat to sjen west.

(Sjoerd Koster, Kollumerzwaag, september 1955)

Helmdragers kunnen wel zien dat er iets, bijvoorbeeld een lijkstoet, aankomt. Zij waarschuwen dan anderen om opzij te gaan. Vaak negeren mensen die waarschuwing en worden dan opzijgezet.

Auke de Jong, zoon van Jaarsma's zuster, heeft een rationele verklaring voor opzijzetten. Als jongen kwam hij eens in het donker thuis en liep tegen iets aan, waarna hij naar achteren werd gesmeten. De volgende dag bleek dat hij tegen een paard was gebotst, dat vanuit stand naar achteren had getrapt en hem had geraakt.

### CJ001516

By de Sawn hûskes ûnder Eastemar stie in hûs dêr koenen se de doarren net ticht fan hâlde. (dit woarde har meidield troch har omke Piter Ophuis, dy't to Eastemar wenne en arbeider wie op in pleats tichte by de Sawn hûskes).

(Aaltje Schievink - Westra, Harkema, 10 februari 1966)

Deuren en hekken die niet dicht willen blijven zijn spokerij. Een verteller meent dat in een bepaald huis de deuren niet dicht blijven omdat de bewoner zijn ziel aan de duivel heeft verkocht. Een andere verteller geeft aan dat als er roggestro om het slot wordt gedaan, het hek dicht zal blijven. Rogge werd beschouwd als een sterke vorm van afweer.

# 23

## Bûtlânsreed


CJ016720

In man wie op it Bûtlan to Eastemar oan 't murdejeijen. Doe seach er hwat. It wie noait liker as wienen it bulten hea. Tichterby like it in wyt hynder. It forweegde. Hy hie in goeije houn by him, dy't bigong to spûkgûlen. It forskynsel kom oer de dyk hinne. De man makke doe hastich, dat er dêr wei kom.

(Roel van der Brug, Oostermeer, vroege optekening: 6 september 1950)

Honden spookhuilen als er in nabije toekomst iemand zal overlijden.

Vroeger was 'It Bûtlan' in smalle strook land tussen de Bergumermeer en de hoger gelegen gronden. Deze strook liep van het Kolonelsdiep (Prinses Margrietkanaal) langs de Bergumermeer tot aan de Lits.



# 24

## Achterweg / Li(e)uweland

CJ003004

Der roan us yn 't foarige op in jountiid let in man to Eastemar de paden del. Hy roan fan 'e buorren nei 't Heechsân. Doe't er oan 't Liuwelân ta wie, seach er dêr in man stean. Midden tusken in keppel skiep yn. Hy fortroude it saekje net en sei moai foars: "Hwat matstû dêr. Skiep stelle?" En dêr kommen noch in pear sterke wurden achteroan.

Mar doe kom dy man gleon op him ta. Doe woarde er sa binaud, dat hy sprong oer de sleat en dat gong op in rinnen, de bou út. Midden yn in kampke rogge bleau er hymjend en pûstend stean. De gleone man hie him folge, mar doe't er oan 'e rogge ta wie, koed er net fierder. Hy sweefde noch even oer de rogge hinne mar joech him doe ôf, gleon oer de Burgumermar hinne.

Doe't de man yn 'e rogge dat seach, fleach er as in wyld nei 't húske (dêr't nou Aelsen Hânsma wennet, oan 'e Achterwei) en stoude mei sa'n faesje ta de doar yn, dat dy rekke der út. De rogge hie him rêd.

(Sjoerd Koster, Kollumerzwaag, vroege optekening: september 1955)

Een dergelijke brandende geest wordt doorgaans aangeduid als de vuurman. Vaak is de vuurman tijdens zijn leven een illegale grenssteenverzetter geweest, met de bedoeling zijn eigen perceel te vergoten. Dergelijk gedrag werd na de dood bestraft. Dat zijn geest brandt, duidt erop dat hij in de hel (of het vagevuur) zit. Vaak zeult de vlammende geest een grenssteen mee, die hij kwijt moet maar niet kan...

Zoals we hiervoor ook al zagen, gold rogge als heilig en als een probaat afweer tegen het kwaad. Het werd daarom vaak ook onder drempels gelegd.

De naam Lieuweland komt van Lieuwe Douwe Hoekstra, die begin 19e eeuw eigenaar was van dit stuk land. Het voetpad over het Lieuweland en de Burgerkamp vormde met een gedeelte van de Achterweg de kortste verbinding tussen Schuilenburg en De Wal (de buurt) van Oostermeer.



# 25

## Fietspad naar Bergumermeer, uitkijkpunt Bergumer Meer

CJ063502

Yn 'e winter fan 1890 op '91 forgaderde de iisklub to Eastemar. Der woarde forteld, dat der al inkelde lju fordronken wienen.

De feint fan Bakker Bouwes, Auke Westra, dy't sekretaris wie fan 'e iisklub, foun dat ôfgryslík. Neat, sei er, griisde him sa bot oan as fordrinke.

De oare moarns rekke er mei syn forloofde yn in wek op 'e Burgumer Mar. Hy hat syn faem salang boppe wetter hâlden, oant der help opdaegjen kaem. Doe ha se har der útlutsen. Mar hysêls sonk wei en is jammerdearlik fordronken.

Myn mem (de frou fan Master Wybenga), dy't op 'e begraffenis de foargong hie, sei, dat se noait moaijer deade sjoen hie. "Hy like krekt of er noch libbe, en ik wie suver bang," sei se, "dat wy in skyndeade nei it hôf brochten."

(opmerking van A.A.J.: Er is me wel eens verteld, dat hij 's avonds voor zijn dood, toen hij hoorde van een verdrinking, krijt wit moet zijn geworden en gezegd moet hebben: "O, o, as dat my mar net oerkomt!")

(Johan Wybenga, Kollum, 8 mei 1967)

Dat schijndode personen begraven werden en in het graf weer uit hun verstarring ontwaakten kwam vroeger, toen het zo veel moeilijker was dan nu om precies vast te stellen of iemand dood was, zo regelmatig voor dat de angst hiervoor soms bijna epidemisch kon worden. Vooral in de tijd van de Verlichting was men er zo sterk mee bezig, dat allerlei methoden werden bedacht om het begraven van een schijndode te voorkomen. Dat varieerde van de steek door het hart van de waarschijnlijk dode tot ingenieuze constructies in het graf, waardoor de dode bij een eventueel ontwaken alarm kon slaan. Deze angsten kwamen in vele verhalen naar voren.

Moeder is Janke Simons Douma, vrouw van meester Dedde Wijbenga, die van 1871 tot 1913 bovenmeester van de openbare lagere school was.

# 26

## Snakkerburen



### CJ030101

Hanne Foekes wie in ielfisker. Hy wenne to Eastemar yn in arke. Op 'e Leijen is er formoarde woarn. Op 'e Snakkerbuorren hied er syn wenskipke meastal to lizzen. As er ite woe, makke der twa pannen ré op 'e tafel. De iene panne mei iten wie foar Janmaat, sei er. De duvel hat him op 'e Leijen de holle omdraeid.

(Klaes Douwes, Harkema, datum onbekend)

### CJ000903

Hanne Foekes wie in tûke fisker. Hy wenne yn Eastemar. Mar hy hie de duvel ta syn maet. Hy sette altyd kofje foar twa man, foar himsels en foar Jan. Jan dat wie de duvel. Dy geat er ek in kopke yn. De duvel hat him op 'e Leijen de nekke omdraeid by de Tryntsjemoaispôle.

(Froukje Paulusma-van der Wal, Suameer, 17 januari 1966)

De duivel heeft allerlei taboenames, zodat men zijn echte naam (Satan) niet hoeft te noemen: Janmaat, Hans Pik, Joost, enz. Mensen die een pact met de duivel sluiten, verkopen hun ziel. Tijdens hun leven worden ze dan door de duivel bijgestaan, maar na hun dood moeten ze eeuwig branden in de hel. In de volkse verhalen over doctor Faust laat de duivel zich zelfs vernederen tot allerlei karweitjes, maar zodra de tijd van de mens erop zit, neemt de duivel wraak. Faust werd bijvoorbeeld hardhandig door een traliehek getrokken door de duivel. Hier wordt het slachtoffer de nek omgedraaid. In Oostermeer is een veldnaam Jan Koartslân, afgeleid van de taboenaam Jan Kort.



*Snakkerburen rond 1943*

## Eindpunt: E.M. Beimastrjitte 18, Jaarsmahûs



Huis van Sterke Hearke tussen Harkema en Drogeham,  
1962 (inmiddels afgebroken)

In de ruim 80 verhalen die Jaarsma verzamelde over Japik Ingberts is hij de slimme en handige meesterdief die de grote boer en het gezag weet te misleiden. Zijn populariteit is in de 19e en 20e eeuw steeds groter geworden, doordat verhalen over hem in lectuur voor volwassenen en kinderen werd opgenomen. Nienke van Hichtum publiceerde in *Fôr hûs en hiem* van 1888 een aantal sterke staaltjes van Japik Ingberts, die haar vader haar als kind had verteld. Waling Dykstra heeft in zijn *Uit Friesland's Volksleven* (1895, deel 1) ook aandacht besteed aan de verhalen over Japik Ingberts. In haar klassieker *Afke's Tiental* (1903) laat Nienke van Hichtum vader Marten verhalen over Japik Ingberts aan de kinderen vertellen. Over het leven van Japik Ingberts is vrijwel niets bekend. Dykstra geeft aan dat iedere verteller zijn eigen omgeving daarvoor aanwijst.

### Japiks Ingberts

#### CJ118802

Japik Ingberts is geboaren yn Drachten (dat is net wier, hy is yn Eastemar geboaren A.A.J.). It wie in trochtrape dief. Op in kear soe hy der mei syn maet op út om in skiep to stellen en dat to slachtsjen. Doe't dat gebeurde wie namen se elk in slacht skiep op 'e rêch. Doe't se in eintsje fuort wienen, sei Japik Ingberts tsjin syn maet: "Tink der om, der komt ien oan!"

Doe smiet syn maet it fleis gau del en makke dat er fuort kaem, sa hurd er mar koe. En Japik Ingberts die dat ek. Se rounen elk in kant út. Mar efkes letter kearde er werom. Der wie net ien oankaem. Hy naem de beide slachte skiep op 'e rêch en kujere sa nei hûs ta. Nou hie er se allebeide. Dêr wie 't him krekt om bigoun.

(Tamme H. Hooijenga, 2 augustus 1979)

#### CJ095012

Japik Ingberts wie ris op in joun by boerelju to praten. De boer hie syn horloazje njonken de boazum fan 'e skoarstien to hingjen. Japik Ingberts seach dêr hyltyd mar nei. Dat krige de boer yn 'e gaten.

Doe't Japik Ingberts fuort gong tocht de boer by himsels:

Ik gean mar net op bêd. Hy die it ljocht út, en gong sitten op in stoel mei in tou yn 'e hân, dêr't er in strûp yn makke hie. Doe't it tolve ûre wie hearde de boer wol dat ien in leider by 't hûs op sette. Even letter gong der ien by de leider op en doe gong der in glês kapot. Doe seach de boer dat ien in hân troch it kapotte rût stuts om it horloazje to gripen. Mar hy wie der op klear. Hy die de dief de strûp om 'e hân en doe siet dy fêst.

Doe smeke Japik Ingberts dat er it noait wer dwaen soe en al sa mear, dat doe hat de boer him op 't lêst gean litten.

Mar dit kear wie der ien dy't Japik Ingberts oermâns wie. Dit mat gebeurde wêze yn Twizel.

(Germ de Vries, Oostermeer, 23 september 1972)

### Sterke Hearke

Hearke Tjerks Witteveen (Drogeham 1801-1889), de Hercules van Drogeham, maar vooral bekend als Sterke Hearke, is in de verhalen een uitzonderlijk sterke, maar goedmoedige man. In de verhalen gaat het om de kracht die hij toont bij het boerenwerk, in dienst, als politieagent en als hij oud is. Zijn dochter Rixt heeft dezelfde enorme kracht als haar vader.

#### CJ020301

Sterke Hearke ploegde op 'e Dunen yn 'e Harkema.

Der kom ien oer 't paed by him lâns.

"Hwer sille jo hinne?" frege Hearke.

"Ik sil nei sterke Hearke", sei er.

Hearke sei: "Doch even geduld." Doe helle er de hyns út, hy krige de ploegde fan achteren beet en tilde him op mei ien



hân. Mei dy ploege wiisde er nei syn hûs. Hy sei: “Sjoch, dêr wennet er.”  
En doe sloech er mei de fûst op it boarst en sei: “En hjir stiet er.”  
(Errit de Jong, Oostermeer (Witveen), 22 november 1966)

Errit de Jong, boer op het Witveen, was getrouwd met Geertje Jaarsma, zuster van Dam Jaarsma. Het verhaal dat Errit de Jong vertelt, deed trouwens ook de ronde over Grote Pier van Kimsward. Het zijn verhalen van de types SINSAG 1226 “Dort wohnt er und hier ist er.” Pflug aufgehoben, um die Richtung anzudeuten, en ТМ 2801 Sterke man (vrouw).

### **CJ0007B13**

Heit wie us by de boer oan 't terskjen. Doe kom dêr in mantsje lâns, dat wie al aerdich hwat âld. Heit frege him: Hwa binne jo?

Ik bin Hearke, sei er. Froeger neamden se my wol Sterke Hearke, mar it bêste is der ôf, matte jo rekkenje.

Heit tochte: Sa liket it my ek ta, âlde.

Hearke gong sitten op in grou stik izer, dat net ien forsjouwe koe.

Dat sit kâld, sei er sa. En hy nom it stik izer op en kearde it om.

Dat is swier, sei er deagewoan. Doe lei er syn pet der oer en gong wer sitten.

Heit hie doe wol goed foar 't forstân, dat er mei in sterken to dwaen hie.

(Geeske Kobus - van der Zee, Nijega, circa 1965)

## Verantwoording illustraties

1. Dam Jaarsmahûs: Collectie Jaarsma.  
Dam Jaarsma: Collectie Jaarsma.  
Geeske Kobus - van der Zee:
4. Café Meerzicht: fotokaart, Collectie Jaarsma.
5. Brug over de Lits: fotokaart, Collectie Jaarsma.
7. Scheepshelling, Waltsje 1: in *F.Ĵ. Harterink, Village d'Oostermeer en Snakkerburen (1994)*, p. 9.
9. Herberg Het Witte Paard: in *F.Ĵ. Harterink, Village d'Oostermeer en Snakkerburen (1994)*, p. 65, zonder bronvermelding.
12. Beeld De Broekophouder: [http://nl.wikipedia.org/wiki/Lijst\\_van\\_beelden\\_in\\_Tietjerksteradeel](http://nl.wikipedia.org/wiki/Lijst_van_beelden_in_Tietjerksteradeel) - mediaviewer/  
Bestand:Eastermar\_De\_Broekophalder\_Aizo\_Betten.jpg (De Gouwenaar, Jan Lafeber, Gouda).
16. Verschenen in de Leeuwarder Courant, 14 januari 1967, bij Jaarsma's gedicht *Fan Hepkes op 't wetter*.
19. Wopke de Vries: in *Klaas R. Henstra, Duivelbanners en wonderdokters in de Wouden (2007)*, p. 98, zonder bronvermelding.
20. Heksenkrans uit de verzameling van M.A. van Andel (1848-1941), arts te Gorinchem, Collectie Meertens Instituut, Amsterdam.
21. Anders Bijma: Han de Vries, in opdracht van de Leeuwarder Courant, 1961.
23. Nieuw Stedma: [http://nl.wikipedia.org/wiki/Lijst\\_van\\_rijksmonumenten\\_in\\_Oostermeer](http://nl.wikipedia.org/wiki/Lijst_van_rijksmonumenten_in_Oostermeer) - mediaviewer/  
Bestand:Grote\_Hornstweg\_16\_It\_Heechsân.jpg (De Gouwenaar, Jan Lafeber, Gouda).
25. Pastorie: [http://nl.wikipedia.org/wiki/Lijst\\_van\\_rijksmonumenten\\_in\\_Oostermeer](http://nl.wikipedia.org/wiki/Lijst_van_rijksmonumenten_in_Oostermeer) - mediaviewer/  
Bestand:Torenlaan\_1\_It\_Heechsân.jpg (De Gouwenaar, Jan Lafeber, Gouda).
26. Verteller Ruurd van der Meer: Collectie Jaarsma.
27. Toren: [http://nl.wikipedia.org/wiki/Lijst\\_van\\_rijksmonumenten\\_in\\_Oostermeer](http://nl.wikipedia.org/wiki/Lijst_van_rijksmonumenten_in_Oostermeer) - mediaviewer/  
Bestand:Church\_tower\_Heechsân.jpg, (Drewes).
29. Kerkhof met toren: <http://www.panoramio.com/photo/24533204> (Hans R. van der Woude).
31. Boerderij Mame Ozinga: Collectie Fryske Akademy.
32. Hooghof: fotokaart, Collectie Jaarsma.
36. Landschap rond Oostermeer: <http://nl.wikipedia.org/wiki/Gebruiker:Gouwenaar/Fotoalbum/Friesland> -  
mediaviewer/  
Bestand:Coulistlandschap\_Oostermeer.jpg (De Gouwenaar, Jan Lafeber, Gouda).
39. Snakkerburen: fotokaart.
41. Huis Sterke Hearke: in *Út it gea fan Sterke Hearke: in kar út it fersprate wurk fan Dam Jaarsma (1987)*, p. 108, zonder bronvermelding.